

Kulturele middei yn Frysk Lânbou Museum

Snein 13 oktober wiene goed 70 belangstellenden ôfkommen op de fan de Gerben Rypma Stifting en it Lânboumuseum to Earnewâld organisearre Kulturele Middei.

Om de ynhâld fan it programma stal to jaen hiene de dichters Eeltsje Hettinga en Abe de Vries harren meiwurking tasein. De groep 'The Doarmers' fan Warkum stie noed foar de muzikale fordivedaesje. As lêste stie op de wurklist de winner fan de foarlêzkriich 2013, de tolvejierrige Emma Jansma, learling fan groep 8 fan basisskoalle 'de Wyngert' yn Drachtster Kompenije.

Sûnder de oare optredenden to koart to dwaen: Hwat hie dy lytse faem de seal yn de bisnijing mei har forhael oer it mûzefamke út it boek 'Mûske myn famke' fan Lida Dykstra. Frank en frij, mei moaije dictie en lytse maneuvrels fan en mei holle en hannen wie dit in perfecte ôfslúting fan in middei dy 't foar werhelling oanrikkemandearre wurde kin. It slotapplaus, doe roun it al tsjin seizen, wie tige fortsjinne.

Nei it wolkom oan de bisikers en de minsken dy 't har bleat jaen soene yn gedicht of muzyk, mocht Eeltsje Hettinga de punt fan it programma ôfbite mei syn referaat oer it boek 'Gerben Rypma, de keunstner fan it dûbele krús' dat yn 2010 – ûnder de wjukken fan de GR-Stifting - it ljocht seach en ûnderwilens sa goed as útforkocht is. Hwa 't noch gading meitsje wol oan dit kreas en boppe-al nijsgjirrige boek moat gau contact sykje mei in bistjûrslid fan de Stifting; der binne noch in pear exemplaren, ommers jildt it adagium hjir ek: 'Op is Op'!

De measte GR-freonen binne ûnderwilens aerdich mei de skriuwer Hettinga yn 'e kunde kommen. Dochs is it hieltiid wer in moaije ûnderfining om de skriuwer, hikke en tein yn Burchwert, oer syn sneupen en snoaskjen yn archyf- en oare stikken oer de singeliere man, de ienkennige koumelker, dichter/skilder Gerben Rypma fortellen to hearren. In prachtich byld fan hoe 't de – binammen en foaral ek de roomskkatholike – wrâld der yn dy jierren (1878-1963 is it tiidrek dêr 't it libben fan Gerben Rypma him yn ôfspilet) hinne lei. Soms debitearre de skriuwer anecdotes dy 't it byld oer 'de hjerremyt fan de Brekswâl' founemint joech, of krekt in hiel oare kant fan de tige op himsels libjende dichter/skilder/koumelker stal jaen koe. Hwa hie tocht dat dizze 'stille in den lande' sa mar foar de fûst wei ynfalle koe yn in toanielstik, mei in ta de saek dwaende ymprovisaesje fan de tekst fan de rôl dy 't er oernaem?

Oer it belang dat de poëzij fan Gerben Rypma foar en yn de roomske wrâld fan doe bitsjutte, sei de sprekker: 'By ús thús lei in eximplaer fan de bondel 'Ik haw myn dreamen hawn en fragen' op de skoarstienmantel'. Ornaris in plak ornearre foar in wichtich, faek yn 'e húshâlding brûkt boek; ek It Boek (der Boeken, sa 't dat ek hiem wie by protestanten).

Of bygelyks de forneamde 'nasjonale' dichter fan Flaenderen, de preester Guido Gezelle dy 't ûnder de bitsjoening rekke (tige sels) fan ús tael. Dat gie neffens him werom op in kromke Frysk yn de ieren fan syn famylje. Op in stuit hat er in earizer oantúgd, dat in pommerantep plakje yn syn hûs krige. Gerben Rypma hat inkelde gedichten fan dizze minlike Flaming oersetten.

Nei dizze mûsstil oanharke bydrage fan de kandidaat foar de Gysbert Japicx-priis 2013, mar dat is him net wurden wisten wy al efkes earder, lieten de leden fan de groep 'The Doarmers' út Warkum, bisteande út Hille Faber (teffens GR-bistjûrslid), mûlharpe en sang, Ieke van der Wal-Bakker, sang, en Maarten Smit, piano, de harkers hearre hoe sjongsum 't de lieten fan Gerben Rypma wêze kinne. Dizze lieten binne doetiids ek op de CD 'Oan 'e Brek in dei' opnommen. Letter op de middei kaem dizze groep oer it fuotljocht mei in taelboarterijke fan R.R.R. van der Leest, it staccatoliet 'De Hurrelskriemster Klaaisang' en mei in muzikale fortolking fan it gedicht 'Jonges' fan Abe de Vries, dat jin dochs yn it moed taestte. En dat net allinnich om de thematyk, dy 't de doe op punt fan skieden steande heit (A.d.V.) tsjin syn soan(nen) oer der yn forarbeide, mar ek de dimmene tragyk dy 't de groep muzikaal oer dizze tekst hinne lein hat. It wie nei alle bitinken in wrâldpremiere.

De dichter/skriuwer/columnist/fotograef/journalist Abe de Vries, ek dit jier in kandidaat foar de Gysbert, hie dit gedicht dizze middei op syn wurklist stean. Yn syn dichtwurk siket hy nei it forline, itjinge dat west hat, jins jonkheit en annex dêrmei de forlerne leafde, à la recherche du temps perdu. Dat is net sa 'n wûnder as jo in skoftke skiednis studearre ha. Boppedat hat er de skiednis sels bilibbe – en dêr libje wy allegearre yn - as correspondent fan Trouw, Elsevier, Het Parool en it ANP. Yn dy snuorje siet er yn de fjûrkûle, dy 't de Balkan doe wie; wy skriuwe 1999 as de NAVO mei bombardeminten en diplomaetsy de útslaende brân dêrre mar mei muoite dwêste kin. Njonken it langstme nei it forline spilet ek de sé in rôl yn syn gedichten. Net frjemd as men yn Winaem út de boerekoal kommen is. De sâlte lucht fan it Waed, deunby suver, hat er mei de brijleppel yn krigen. Eeltsje Hettinga, dichter, skriuwer fan essay's, (keunst)kritiken en journalist, kaem nochris foar it buordsje om gedichten út eigen wurk foar to lêzen. Hy hat forline jier hjerst, op 'e nij ûnder de wjukken fan de GR-Stifting, de bondel 'Ikader' yn it ljocht jown. Alwer, it wurdt suver langtriedderich - om Multatuli ris oprave to litten – in succes, hwant moai op paed om it stimpel útforkocht taskikt to krijen. Dat brocht Hettinga ta de konklúzje: Wolle jo in Frysk boek útjaen, doch dat yn 'e mande mei de GR-Stifting. In boppeslach alsa en dat jilde allikegoed foar dizze noflike fordivedaesjesnein-to-middei, mei waer om mei in boekje yn in hoekje, sa 't – leau 'k - Geert Grote

(fan de Moderne Devotie) ea sein hawwe soe. Of
dus to harkjen nei itjinge dichters en foarlêzers út
(harren) boeken foardrage. (jpdHzn)